



Ynstellingsbeslút Stjoergroep desintraalisaasje Fryske taal nei de provinsje Fryslân ta

26 mei 2009

Nr. 2009-0000245306

De Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,

Mei út namme fan de Steatssiktaris fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes;

Mei it each op kêst 2, earste lid, fan de Wet fergoedings advyskolleezjes en kommisjes;

Mei it each op it bestjoersakkoart Ryk-provinsjes 2008–2011, ta stân kommen op 4 juny 2008;

Beslút:

Kêst 1

Yn dit beslút wurdt ferstien ûnder:

- a. stjoergroep: Stjoergroep desintraalisaasje Fryske taal nei de provinsje Fryslân ta;
- b. bestjoersakkoart: bestjoersakkoart Ryk-provinsjes 2008–2011;
- c. Minister: de Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes;
- d. Steatssiktaris: de Steatssiktaris fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes.

Kêst 2

Der is in Stjoergroep desintraalisaasje Fryske taal nei de provinsje Fryslân ta.

Kêst 3

1. De stjoergroep hat as taak om in neiere útwurking te jaan oan de ôfspraak oangeande de Fryske taal, lykas dellein yn it bestjoersakkoart, en dêrta:
 - a. konkrete útstellen te dwaan om rykstaken en -foech op it stik fan de Fryske taal safolle mooglik te desintraalisearjen nei de provinsje Fryslân ta, wêrby't de gearhing tusken beliedsromte en finansjele ferantwurdlikheid in útdruklik punt fan omtinken by wêze sil;
 - b. konkrete útstellen te dwaan foar de operasjonalisearring fan in gearhingjende desintraalisaasje en koördinaasje fan taken en foech dy't mei de Fryske taal ferbân hâlde.
2. De stjoergroep wurdt frege om op syn lêst 1 jannewaris 2010 te rapportearjen oan de Minister en de Steatssiktaris, de oare oanbelangjende bewâldspersoanen en oan it kolleezje fan deputearre steaten fan de provinsje Fryslân.
3. Nei it útbringen fan it rapport hâldt de stjoergroep op te bestean.

Kêst 4

1. De stjoergroep bestiet út de neifolgjende leden:
 - de hear mr. R.J. Hoekstra (foarsitter)
 - frou drs. M.J. Sanders-ten Holte
 - de hear prof.dr. J. de Ridder
 - frou drs. M.C.M. Waanders
 - de hear prof.dr. P.J.J. Zoontjens
 - de hear dr. R. Bagchus
2. De Minister beneamt en ûntslacht de foarsitter en leden fan de stjoergroep.
3. It skriuwerskip fan de stjoergroep wurdt fersoarge troch de hear dr. M.H. Klijnsmâ, haad fan it kluster Kwaliteit en Kaderstelling Bestjoer fan it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, en de hear drs. S. Akkerman, haad fan de ôfdieling Kultuer, Taal & Underwiis fan de provinsje Fryslân.



4. It skriuwerskip wurdt by it útoefenjen fan syn taak streekrjocht oanstjoerd troch de stjoergroep en docht syn wurk ûnôfhinklik fan de oanbelangjende bewâldspersoanen en it kolleezje fan deputearre steaten fan de provinsje Fryslân.
5. De stjoergroep kin, yn oerienstimming mei de bepalingen fan dit beslút, syn wurkwize en dy fan it skriuwerskip regelje.
6. It behear fan de stikken dy't ferbân hâlde mei de wurksumheden fan de stjoergroep bart yn oerienstimming mei de behearregels, op grûn fan de Argyfwet 1995 en it Argyfbeslút 1995. De oanbelangjende stikken wurde nei it beëinigen fan de wurksumheden oan it argyf fan it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes oerdroegen.

Kêst 5

Foar syn wurksumheden kriget de foarsitter fan de stjoergroep in fergoeding fan € 332,- de gearkomste. Foar harren wurksumheden krije de leden fan de stjoergroep dy't dêrfoar yn 'e beneaming komme, in fergoeding fan € 256,- de gearkomste.

Kêst 6

Dit beslút giet yn op de twadde dei nei de datum fan de Staatscourant dêr't it yn pleatst wurdt.

Kêst 7

Dit beslút wurdt oanhelle as: Ynstellingsbeslút Stjoergroep desintraalisaasje Fryske taal nei de provinsje Fryslân ta.

Dit beslút sil, mei taljochting, yn de Nederlânske en Fryske taal publisearre wurde yn de Staatscourant.

*De minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,
G. ter Horst.*



TALJOCHTING

Algemien

Op 4 juny 2008 hawwe it kabinet en it Ynterprovinsjaal Oerlis (bekend as: IPO) oerienstimming berikt oer it Bestjoersakkoart Ryk-provinsjes 2008–2011. Dêr binne ek ôfspraken yn makke om te kommen ta konkrete útstellen foar in gearhingjende desintraalisaasje en koördinaasje fan taken dy't mei de Fryske taal ferbân hâlde. Op grûn fan dy ôfspraak wolle kabinet en de provinsje Fryslân der op ta om hjir fierder ynhâld oan te jaan troch it ynstellen fan in tydlike stjoergroep dy't foar 1 jannewaris 2010 mei konkrete útstellen fan datoangeande komme moat.

Spesifike kâsten

Kêst 3

De stjoergroep hat as opdracht om te kommen mei konkrete útstellen foar desintraalisaasje fan it ryksbelied oangeande de Fryske taal. Yn dat ferbân sil de gearhing tusken beliedsromte en finansjele ferantwurdlikheid útdruklik in punt fan omtinken wêze. Dêrby wurdt ek ûndersocht, oft en, sa ja, op hokker wize – fia de oanbelangjende útstellen ta desintraalisaasje – in oare ynfolling jûn wurde kin oan de koördinaasje fan taken op it stik fan de Fryske taal.

Kêst 4

De gearstalling fan de stjoergroep is yn goed oerlis tusken de oanbelangjende ministearjes en de provinsje Fryslân ta stân kommen. By de gearstalling is sjoen nei in lykwichtige sprieding fan saakkundigens op it mêd fan desintraalisaasje, fan ûnderwiis en ûnderwiisrjocht, fan bestjoerlike ynbêding op desintraal nivo en fan de Fryske taal en kultuer. Yn dat ferbân is ek rekken hâlden mei de ferdrachsferplichtings dy't Nederlân yn it ramt fan de Ried fan Europa op him nommen hat as it giet om de Friezen en harren taal en kultuer. De stjoergroep kin foar syn gearkomsten eksterne saakkundigen útnoegje. De stjoergroep hat in ûnôfhinklik skriuwerskip ta syn foldwaan.

Kêst 5

De foarsitter en de eksterne leden krije foar elke gearkomste in fergoeding neffens de Wet fergoedings advyskolleezjes en kommisjes en it Beslút fergoedings advyskolleezjes en kommisjes.

*De minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,
G. ter Horst.*